GEMEENTE HEERENVEEN

Tussentijdse technische vragen

Van

FNP – Ate Eijer

Portefeuillehouder

Wethouder Broekhuizen

Behandeling ambtenaar

Marion Mulder

Datum ontvangst vragen

20 februari 2018

Vragen beantwoorden voor

22 maart 2018

Gearwurkingsskoalle De Nijewier yn Tsjalbert

Acht kolleezje, omdat der dizze wike gjin kommisje fan SaZa op de aginda stiet wol de FNP yn de kommisje AZ in oantal fragen stelle oer de ûntwikkelingen by de gearwurkingsskoalle De Nijewier yn Tsjalbert.
Sawol it bestjoer fan Pleatslik Belang Ald Aengwirden, de MR fan de Nijewier en it personiel fan de skoalle meitsje har soargen oer de ûntwikkelingen rûnom plannen foar nijbou. Ut it ferhaal fan de skoalle docht bliken dat de tastân op de skoalle net mear oan hjoeddeistige easken foldocht.
Dit wurdt ek troch it kolleezje erkent en der soe yn opdracht fan it kolleezje in rapport makke wurde wêryn sjoen wurde moast wat de takomstmooglikheden fan de skoalle binne. Nijbou op de lokaasje fan de Nijewier of nijbou by it MFA. Dit rapport is op 10 april presintearre en yn juny 2017 oerhannige oant ik kolleezje. It koleezje soe doe tasein ha dat se it rapport úterlik yn septimber mei de ried diele soe. Mar nij die tiid hat de skoalle neat mear heart. Ek is de ried oant no ta net ynformearre oer dit rapport.
De FNP hat hjir oer de folgjende fragen:

Klopt it dat op 10 april 2017 op in gearkomst troch it buro Linthorst de útkomst fan in 'haalbaarheidsonderzoek" nei neibou of ferbou presintearre is?

[Klik voor antwoord]

Wa wie de opdrachtjouwer foar it opstellen fan dit "haalbaarheidsonderzoek"?

[Klik voor antwoord]

Klopt it dat de konklúzje fan dit 'haalbaarheidsonderzoek' is dat der nijbou by it MFA komme moat?

[Klik voor antwoord]

Klopt it dat it kolleezje yn juny 2017 hjir oer ynformearre is?

[Klik voor antwoord]

Klopt it dat it kolleezje yn juny 2017 oanjûn hat dat it rapport uterlik yn septimber yn de ried besprutsen wurde soe?

[Klik voor antwoord]

Klopt it dat de skoalle en it kolleezje sûnt juny regelmjittich kontakt ha oer de plannen foar nijbou?

[Klik voor antwoord]

Klopt it dat it kolleezje yn dit oerlis elke kear oanjûn hat dat se it rapport noch net mei de ried diele wol?

[Klik voor antwoord]

Wêrom is de ried net yn dit proses belutsen?

[Klik voor antwoord]

Wêrom beskikt de ried noch net oer dit rapport?

[Klik voor antwoord]

Wannear kriget de ried dit rapport?

[Klik voor antwoord]

En wannear nimt it kolleezje in beslút oer de nijbou/ferbouplannen fan de Nijewier?

[Klik voor antwoord]
